

# Examen VWO

# 2026

tijdvak 1  
woensdag 27 mei  
9.00 - 11.30 uur

**Fries**

Bij dit examen hoort een bijlage.

Dit examen bestaat uit 34 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 39 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Geef niet meer antwoorden (zinnen, redenen, voorbeelden e.d.) dan er worden gevraagd. Als er bijvoorbeeld één zin wordt gevraagd en je antwoordt met meer dan één zin, dan wordt alleen de eerste zin in de beoordeling meegeteld.

*Let op! Antwoorden op open vragen mogen in het Fries of in het Nederlands gegeven worden. Citeervragen moeten in het Fries beantwoord worden.*

## Tekst 1 In planolooch dy't keunst as rêder sjocht

---

- 1p 1 Wat is de funksje fan de ynliding boppe de tekst?
- A De ynliding formulearret in gearfetting.
  - B De ynliding formulearret in probleem.
  - C De ynliding yntrodusearret Zef Hemel.
  - D De ynliding jout in ûnderbouwing fan de titel.

Yn alinea 1 wurdt sein dat it plattelân no it atelier fan Zef Hemel is.

- 1p 2 Wêrom makket de skriuwer dêr gebrûk fan it wurd 'atelier'?

“Keunstners dogge it. Sy binne de iennigen dy't ús it paad wize kinne.”  
(r. 23)

- 1p 3 Hoe ferhâlde de boppesteande sinnen harren ta alinea 5?
- A Alinea 5 jout in ferklearring by wat yn alinea 4 sein is.
  - B Alinea 5 jout in foarbyld by wat yn alinea 4 sein is.
  - C Alinea 5 jout in konklúzje fan wat yn alinea 4 sein is.
  - D Alinea 5 jout in útwurking fan wat yn alinea 4 sein is.

Yn alinea 6 giet it oer in “ûnortodokse ynklaaiïng”. (r. 38) Earder yn de tekst waard itselde sein yn oare wurden.

- 1p 4 Sitearje dat sinpart.

Yn alinea 9 boartet de skriuwer mei de tematyk fan kuierjen.

- 1p 5 Sitearje it **sinpart** dêr't dat út bliken docht.

“Bring wat yn beweging, set de bewenners yn harren krêft.” (r. 70)

- 1p 6 Nei hokker projekt dat oanhelle wurdt yn de tekst ferwiist dat?  
Lis dyn antwurd út.

- 1p 7 Hokker sin út alinea 11 jout it boadskip fan Zef Hemel it bêste wer?
- A “It is in yllúzje om te tinken dat der in duorsume takomst mooglik is sûnder dat minsken kontakt mei it lânskip hawwe, warskôget er.”  
(r. 71 en 72)
  - B “Mei technologyske foarútgong en beloften fan de sirkulêre ekonomy is men der net.” (r. 72-74)
  - C “It Noarden is yn syn eagen net holpen mei mear sneldiken, yndustry en huzen.” (r. 74 en 75)
  - D “De romte dy't der no noch is, beskôget er as hiel kostber: ‘It is gjin romte om te foljen.’” (r. 77 en 78)

“As men de feroaringen yn it lânskip sjocht, dan benearet it jin.”  
(r. 6 en 7)

- 1p 8 Nei hokker feroaringen ferwiist Zef Hemel hjir?
- 2p 9 Neam de ferskillen tusken it swalkjen fan Vincent van Gogh en it swalkjen fan Zef Hemel.
- 2p 10 Hokker projekten hawwe ynspiraasjeboarnen west foar Zef Hemel neffens de tekst?
- 1p 11 Sitearje de **sinnen** dêr't út bliken docht dat Vincent van Gogh in foarbyld west hat foar Zef Hemel.
- 1p 12 Yn hokker alinea wurdt de “ûnortodokse ynklaaiïng” (r. 38) fan Zef Hemel fan it fak planolooch útlein?
- 1p 13 Hokker sin fettet de kearn fan it advys fan Zef Hemel it bêste gear?
- A “Dêrom sis ik: gean te rinnen!” (r. 14)
  - B “Keunst en kultuer helpe om feroaringen mooglik te meitsjen, stelt Zef Hemel.” (r. 15 en 16)
  - C “Troch it kontakt mei it lânskip werom te bringen is der in feroaring yn gong te setten, tinkt er.” (r. 48-50)
  - D “Bring wat yn beweging, set de bewenners yn harren krêft.” (r. 70)
- 1p 14 Wat is it wichtichste doel fan **Zef Hemel**?
- A ferdivedearje en ynformearje
  - B ynformearje en oantrune
  - C oantrune en oertsjûgje
  - D oertsjûgje en ferdivedearje
- 1p 15 Wat is it wichtichste doel fan de **skriuwer**?
- A ferdivedearje
  - B ynformearje
  - C oantrune
  - D oertsjûgje

## Tekst 2 Keunst mei keunstwurken

---

Ynliedende sinnen boppe in tekst kinne ûnder mear de folgjende funksjes hawwe:

I de ferklearring fan de titel

II de formulearring fan de probleemstelling

III de formulearring fan in karakterisearring

IV de formulearring fan in oardiel

V in gearfetting fan de tekst foarôf

1p 16 Hokker funksjes passe by de ynliedende sinnen boppe de tekst?

A I, II en III

B I, II en V

C I, III en IV

D II, III en IV

E II, IV en V

F III, IV en V

De ynlieding boppe de tekst is op te dielen yn twa parten, nammentlik “In giseljende ... iepenbiere romte.” en “En dochs ... en hichtepunten.”

1p 17 Wat is it ferbân tusken dy twa parten?

A It is in ferlykjend ferbân.

B It is in redenjaand ferbân.

C It is in tsjinstellend ferbân.

D It is in útlizzend ferbân.

“De Ofslútdyk is as in lange nâlestring tusken Fryslân en Hollân”. (r. 1)

1p 18 Hokker byldspraak wurdt dêr brûkt?

A ferliking

B metafoar

C metonymia

D personifikaasje

2p 19 Om hokker redenen wurdt der yn de Ofslútdyk ynvestearre?

“Dat is echt hiel bysûnder, want it stiet heaksk op wat de minske eins wol.” (r. 22 en 23)

2p 20 Lis de tsjinstelling út dêr't Bruno Doedens op doelt.

“Soks docht jin de skilen fan de eagen fallen.” (r. 42 en 43)

1p 21 Lis yn eigen wurden út wat de skriuwer mei dat stylfiguer sizze wol.

1p 22 Wêrom makket de fiskmigraasjerivier de “fiskten bliid”? (r. 48)

- “de omslach fan ‘antroposeen’ nei ‘symbioseen’.” (r. 53)
- 1p 23 Lis út hoe’t de omslach fan ‘antroposeen’ nei ‘symbioseen’ sichtber is by *De Nije Ofslútdyk*.
- 1p 24 Hokker stylfiguer brûkt de skriuwer yn de sin “Safolle ljocht ... te stean.”? (r. 58 en 59)
- A eufemisme
  - B hyperboal
  - C sarkasme
  - D wurdboarterij
- 1p 25 Hokker stylfiguer wurdt twa kear brûkt yn de sin “Dêrnei is de nacht wer tsjuster mei inkeld strieljende stjerren, de moanne en fierderop de toplampen fan wynmolen.”? (r. 63-65)
- “Op de ikoanyske Ofslútdyk ûntstiet ynienen in futuristysk lânskip.” (r. 78 en 79)
- 1p 26 Wêrom makket de skriuwer hjir gebrûk fan it wurd ‘futuristysk’?
- 1p 27 Hokker ferbân stiet yn de earste sin fan alinea 17?
- A It is in ferlykjend ferbân.
  - B It is in opsomjend ferbân.
  - C It is in tsjinstellend ferbân.
  - D It is in útlizzend ferbân.
- 1p 28 Lis yn eigen wurden út wat de skriuwer bedoelt mei ‘ekologyske wreedheden’. (r. 133)
- 2p 29 Beskriuw de tsjinoerstelde fyzje by it meitsjen fan *De Steenzetter* en *De Blije Vis*.
- De volgende inleiding hoort bij de vragen 30 en 31.*  
Oan de tekst kinst de folgjende tuskenkopkes tafoegje: ‘gat’, ‘wolkom’, ‘ljocht’, ‘earbetoan’, ‘symbioseen’.
- 1p 30 Boppe hokker alinea’s kinst it tuskenkopke ‘ljocht’ pleatse?
- 1p 31 Boppe hokker alinea’s kinst it tuskenkopke ‘earbetoan’ pleatse?

**Let op: de laatste vragen van dit examen staan op de volgende pagina.**

1p 32 Jou de ferklearring fan de titel fan de tekst yn eigen wurden wer.

In skriuwer kin by it skriuwen fan teksten gebrûk meitsje fan:

1. feiten
2. syn eigen miening
3. mieningen fan oaren

1p 33 Wêr hat de skriuwer fan dizze tekst gebrûk fan makke?

- A fan 1 en 2
- B fan 1 en 3
- C fan 2 en 3
- D fan 1, 2 en 3

1p 34 Wat foar tekstsoarte is 'Keunst mei keunstwurken'?

- A It is in redenearring.
- B It is in skôging.
- C It is in útiensetting.

---

**Bronvermelding**

*Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift.*